

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Foto's foarside
Treffer:
Henk Bootsma

Jiergong 50 nûmer 2

Kryst 2019



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Steven, Habtamu en Kees.

Ynternetredaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia
Fakant
Henk Postma
Tjerk van der Pol
Syb Overal
Anco Elgersma
Bauke de Boer
Jaap Toering
Marco Groothof

De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels
Streek 30, 8734 GR Easterein
Ysgumerweg 10, 8764 PS Dedgum
A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Perk 1, 8731 AJ Wommels
Wynserdyk 43, 8734 GE Easterein

tillefoan:

0515-331444
06-51679033
06-40614250
06-33030042
06-39805090
0515-332555
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Tjerk van der Pol Foarsitter
Marjo Groothof Algemiën lid
Lize Schuurmans Algemiën lid
Lourens van der Pol Algemiën lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl => Willem Wijnia
Ponghalder@vv-sds.nl => Henk Postma
PRcommissie@vv-sds.nl => Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl => Syb Overal
Ledenadministraasje@vv-sds.nl => Anco Elgersma
Sekretaris@vv-sds.nl => fakant
TC-foarsitter@vv-sds.nl => Jaap Toering
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl => Tjerk van der Pol
Accommodatie@vv-sds.nl => Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer
Hendrik Engbreghof
Ype Tiemersma
Johan Postma & Igor Kalinowski

Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Treffer en webside
Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Wedstriidstipers SDS 1

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantane@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2020) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betrefte foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klubblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtjings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfoetbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-/ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: foar **1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

28 febrewaris 2020

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : detreffer@vv-sds.nl

Fan de Trefferredaksje

Hjir alwer de nijste Treffer foar jim noas. It is winterstop, dus wy kinne moai efkes werom sjen op de earste seizoenhelte. Mei dizze dagen hielendal noflik om by de krystbeam efkes efteroer te hingjen mei in moai boek of de Treffer.

Yn dizze Treffer kinne jim fan alles lêze oer de SDS-nijjerssit, twa bysûndere jeugdtoernoaien yn jannewaris, it OFK, Jildou Sweering, Wierd 'The Hoff' Hofstra, Aiso Agricola, Evan de Jong, Woonvaria, de SDS-ledengearkomst, bysûndere plakboeken, de aginda, de topskoorders, Kees' tripke nei Ingelân, de SDS-Look-a-likes, Sinteklaas en Habtamu's Sjoch. Dêrneist noch folle mear en fansels de tradisjonele SDS-krystpuzzel. Mar in soad lêswille tawinske en hiele noflikke krystdagen en in lokkich en sûn 2020!



P.s. Hawwe jim trouens in moaie foto fan it fuotbaljen makke stjoer dy dan nei Feite@vandereems.nl en miskien stiet hy de folgende kear wol op de foarside fan De Treffer! (WW)



4 jannewaris SDS-nijjierssit	Doch ek mei oan de SDS-Krystpuzzel	Plakboeken
		
side 7	side 22	side 27

Ynhâld

<i>Fan it bestjoer/ Fan de jeugdkommisje</i>	5
<i>SDS-nijjierssit op sneon 4 jannewaris.....</i>	7
<i>Noppen & Naaldhakken.....</i>	8
<i>In fruitmandsje bringe by Wierd Hofstra.....</i>	10
<i>Greidhoeke kombi-toernoaien</i>	11
<i>Koart ferslach SDS-ledengearkomst 20 nov. 2019.....</i>	12
<i>It ljocht op in nije sjurtsponser: Woonvaria.....</i>	14
<i>Hite nûtsjes.....</i>	15
<i>It NNRD OFK begjin jannewaris yn Frjentsjer.....</i>	17
<i>SDS-look-a-likes (26).....</i>	18
<i>SDS-Klean</i>	19
<i>Persoanlik: Evan de Jong.....</i>	20
<i>In fruitmandsje bringe by Aiso Agricola.....</i>	22
<i>Kees'Kollum; Horror, skimmel en leafde.....</i>	23
<i>Slút je oan by GEKE en stypje SDS.....</i>	24
<i>Net op it keunstgers!/Aldjierssealbaljen yn de sporthal.....</i>	25
<i>Habtamú's sjoch.....</i>	26
<i>Stinteklaas.....</i>	27
<i>Plakboeken.....</i>	28
<i>Ut in âld plakboek.....</i>	29
<i>SDS-krystpuzzel.....</i>	30
<i>Doelpuntenmakers.....</i>	31
<i>Aginda.....</i>	32

Fan it bestjoer

Wy binne der tige grutsk op dat wy by SDS wer 5 senioarenteams oan it fuotbaljen hawwe. Fansels wurdt der noch wolris wat ôflast om 't der te min spilers binne, mar oant de winterstop is it prima gien. Hielendal sjoen de tendens fan oare doarpsklups wêr as it oer it algemien hieltiten dreger wurdt om meardere senioarenteams te fullen.



Bliid binne wy ek mei de prestaasjes fan SDS 1. Net iens sa sear om de posysje op de ranglist, mar foaral om de ynset en de wille dy't de ploech by tiden útstrielt. By de thúswedstriid tsjin Sneek Wit-Zwart seagen wy in soad supporters mei in glimk op it gesicht nei it sjen fan sa 'n moaie wedstriid. Wat sil de takomst bringe? Ommers steane der noch mear jonge talinten te trappeljen om harren opwachting yn SDS 1 te meitsjen. Bliid binne wy dan ek mei de kontrakferlenging fan trainer Douwe Posthuma en syn assistinten Robert Hoekstra en Jappie Wijnia en dêrby fersoarger Hennie Roubos. De froulju fan Vr.1 steane boppe-oan yn de kompetysje en geane as in spear. Trainster Akke-Rixt Zijsling hat mei liedster Tarina Veenje de boel knap oan de gong en wat soe it moai wêze as der dit jier op 'e nij in kampioenskip yn sit. SDS 2 docht it dêrneist goed yn de Reserve 2^e-Klasse en by de 'prestaasjerekreasjeteams' is de sfeer goed en binne de resultaten ek net gek. Fanôf dit plak wolle wy ús erefoarsitter Enno Bruinsma in hert ûnder de rym stekke. Hy is slim siik en giet de lêste tiid hurd efterút. Wy hoopje dat him in soad leed besparre bliuwt. Moai dat hy by SDS-Sneek-Wit-Zwart wie, al moast dit fanút de stoel. Mocht hy noch faker sjen wolle by SDS dan helje wy him op as dat om him kin. Wy wolle him hjirby nochris tige tank sizze foar alles wat hy foar SDS en de mienskip dien hat. Tige by tige!
Foarsitter, Willem Wijnia

Fan de jeugdkommisje

Winter, maar geen stop!

We zitten in de winterstop. Die komt steeds dichterbij op de kerstvakantie te zitten, sinds er veel kunstgrasvelden liggen. We spelen nu zelfs zo lang door, dat de lampen op zaterdag steevast branden tijdens de laatste wedstrijden. Past wel mooi in de kerstsfeer natuurlijk! Glühwijn in de kantine en het plaatje is compleet. Voor de jeugd betekent de kerstvakantie altijd zaalvoetbal. De jongste jeugd doet dit in competitieverband en de oudere jeugd middels de traditionele knvb kersttoernooien. Dit jaar doen we ook nog mee aan het oude Wymbrits-Sneek toernooi. Dat komt door de samenwerking met Nijland. JO13-2 doet zelfs met alle drie mee, dus die voetballen lekker door en kunnen na de winterstop met een bere-conditie het veld weer op!



Door de late competitie is het vrijwel niet meer mogelijk om zaaltrainingen en onderlinge toernooien te organiseren. Te vaak moest er nog gespeeld worden, terwijl we de zaal al hadden afgehuurd. Door een uitnodiging van Zeerobben voor onze JO19 kwamen we op een nieuw idee, ter vervanging van de zaaltoernooien. Zeerobben (ere wie ere toekomt!) organiseert een leuk toernooi op vrijdagavond met vier teams in twee poules. Kantine open, muziekje erbij, klaar! Eenvoudige organisatie, prima avond! Dat onze JO19 hier geen belangstelling voor hadden is jammer. Wat dat betreft is de Jumbo wel eens een te grote concurrent. Maar wij vonden dat idee zo goed dat we het ook gaan doen met de JO15 en de JO17. Samen met buurverenigingen Nijland, Oosterlittens en Scharnegoutum. Zoveel wordt er niet voor deze categorie georganiseerd en met dit toernooi, willen we hen een leuke avond bieden. Om het toernooi een speciaal tintje te geven, combineren we het met een FIFA E-toernooi. Twee spelers per team vormen het E-team en de resultaten van zowel het veldvoetbal als het digitale voetbal worden bij elkaar opgeteld. We zijn benieuwd wie er met de eerste combi-cup vandoor gaat! Komt dat zien op 17 en 24 januari. Het feit dat Oosterlittens meedoet, maakt het een nostalgisch gebeuren. Immers voorheen organiseerden Oosterlittens en SDS altijd samen hun onderlinge kersttoernooien.

Verder komt het jeugdbestuur met een nieuwe actie, waar we nog niet veel over kwijt kunnen, maar denk hierbij aan een wekelijkse schijnwerper op één van de jeugdteams! Om alle acties te kunnen bekostigen maken we gebruik van de jeugdactie van Poiesz, waarvoor we weer zijn uitgenodigd.

Binnenkort kunt u de muntjes weer kwijt aan de bar van de Skoalleseize! Voor alle leiders en trainers organiseren we na de winterstop twee avonden. Eén informele avond, waarop we met elkaar over voetbal gaan praten. Hoe kunnen we SDS lekker laten bloeien? Hoe kunnen we van elkaars sterke kanten profiteren? Daarnaast wordt nu nog gewerkt aan de al eerder beloofde avond van KICK-Jongenscoaching. Hoe ga je om met kinderen die ander gedrag laten zien dan je verwacht en hoopt? Hou de app, maar ook de side goed in de gaten!

Tot slot zoeken we een contactpersoon, die zich in wil zetten voor de spelers met een andere culturele achtergrond. Hoewel het over het algemeen best goed gaat, komen er weleens wat communicatie problemen voor tussen leiders en spelers. Vooral misverstanden over tijdstippen en thuis-of uitwedstrijden, waardoor er wel eens een wedstrijd gemist wordt. Het zou mooi zijn als we ouders van die spelers nog meer bij de club kunnen betrekken. Wie pakt dit met ons op?

Al met al genoeg actie, maar eerst genieten van een welverdiende winterstop. De jeugdcommissie wenst iedereen veel plezier in de zaal en iedereen natuurlijk een goede kerst en een heerlijk nieuw voetbaljaar!

Tjerk vd Pol, foarsitter jeugd



SDS-nijjerssit op sneon 4 jannewaris



Lykas oare jierren wurdt it nije jier by SDS wer iepene mei in nijjerssit. Dit kear hâlde wy op sneon 4 jannewaris in nijjerssit mei in fuotbalmikstoernoai 7-tsjin-7 foar alle fuotballers en fuotballeafhawwers dy't wat mei SDS hawwe. Fanôf in oere of 13.00 oere meie de senioaren fan it 1e, 2e, 3e, 4e, 5^e, de JO19's en de JO17's, de VR, de Efkes Ballers (sawol manlju as froulju), âld-SDS'ers en wa 't fierder mar wol stride mei en tsjin elkoar om prachtige prizen.

Supporters binne fansels fan herte wolkom!

Foar lju dy 't leaver wat oars dogge is der in klaverjastoernoai. As de tiid it ta lit wurde der 3 bomen fan 12 potsjes klaverjast. Der wurdt klaverjast neffens de Amsterdamse fariant. Meidwaan is wichtiger as winne! Dochs binne der bulten prizen te winnen. Sa binne der 3 prizen foar de earste 3 yn it klassemint en binne der prizen foar b.f. de earste 'stille' ensfh. Wy regelje de hapkes! Jim soargje sels foar in noflikke kaartmiddei!

Je kinne ek fanút de kantine in eintsje te kuierjen.

Ien en oar sil ôfslúten wurde mei muzyk fan DJ Baggel ûnder it genot fan in hapke en in snapke! Foar elts wat tochten wy sa en as wy no allegear meidogge dan wurdt it in alderaardichste dei!

Graach opjaan foar it klaverjassen en fuotbaljen foar 1 jannewaris!

Dit kin fia de **SDS-webside**, info@vv-sds.nl of by je leider.

Foar it kuierjen hoefe je je net op te jaan.



Wa hat de aldearste Treffers?

Wij hawwe in flink archyf mei Treffers, mar helaas net kompleet. Sa misse wy nûmer 1 en 2. Soe der noch immen earne op souder, yn de kelder, yn de kluis of yn in âld sok dy earste eksimplaren hawwe. Wij heare it graach!

Nim dan kontakt op mei **Aant Hofstra** fia de mail: sds-nijs@home.nl of stiet him ris oan by it fuotbaljen.

Noppen en Naaldhakken

Oer froulju, fuotbal en oare wichtige saken

Efkes foarstelle oan...



Jildou Sweering



Jildou tref ik op in hjerstige sneontemiddei yn 'e Skoallegeize. De wedstryd tsjin Harns is spitichernôch ôflast, mar se gean de winterstop yn mei in gesellige lunch yn ien fan de bestjoerskeamers. Jildou fuotballet sûnt dit seizoen by SDS en wurdt noch yndielt op ferskillende posysjes. Se stiet faaks op de posysje: lêtste man/foarstopper as feredigend middenfjilder bij VR1.

Jildou, kinst earst wat oer dy sels fertelle?

Ik bin 23 jier en wenje yn Folsgeare mei myn âlders, broerke en suske. Ik studearje yn Ljouwert, oan de NHL en folgje dêr de stúdzje HRM (*Human Resource Management*) Ik wol my foaral dwaande hâlde mei de 'jobcoaching' binnen in bedriuw. Dus minsken begeliede en koache nei en yn hun wurk.

Hoe sjocht dyn fuotbalskiednis derút?

Fanút Folsgeare begûn ik as jong famke op folleybal yn Nijlân, mar stikum seach ik altyd nei de jongens dy't bûten fuotbaljen. Dat is wat ik woe en doe 't ik 8 wie bin ik dêr ek begûn. Ik ha sa'n 7 jier bij VV Nijlân fuotballe, fan de E's oan de B's. By de B's fernaam ik dat de jongens lichamelijk in stik sterker wieden, dus doe waard it tiid foar in nije útdaging. Doe bin ik bij ONS bedarre, de froulju dêr spylden 1^e klasse en ik koe dêr makkelijk yn mei gean. Dat soarge derfoar dat ik op heech nivo kaam te fuotbaljen en dat is wat ik graach woe. Op 'e nij sa'n 7 jier bij ONS en doe kaam de fúzje fan frouljusteams 2 jier lyn mei de klups ONS en SneekWitZwart. Dy gearwurking rûn út op neat, wat sonde wie. Ik wie yn dy tiid oanfierder en ha der in protte tiid yn stutsen. De motifaasje by in protte froulju foel fuort, sa ek by my.

Hoe en wêrom bisto doe by SDS bedarre?

Ik woe noch wol graach fuotbalje, mar my net folle mear dwaande hâlde mei de 'randzaken'. SDS like my in leuke doarpsklup en ik koe al wat froulju. Doe ha ik Akke-Rixt belle as ik in healjier meidraaije mocht en sa sit ik hjir. Oant no

ta befalt it my hiel goed en ik hoopje takom seizoen ek te bliuwen, foaral as we promofearje...

Do kinst no in oantal fuotbalklups mei elkoar fergelykje, wat is it ferskil?

Sa as ik al sei is SDS in echte doarpsferiening, dat hat VV Nijlân ek en deryn lykje sy in protte op inoar. By ONS is dat safolle minder, dêr hat net eltsenien in binning mei de klup. Dêr is men folle mear dwaande mei it fuotbaljen op nivo. Dêrneist komme der in protte minsken fan búten de klup. Ik merk no dat de gesellichheid eins folle belangriker is yn in team. No ûnderfyn ik de sneons wer as in 'fuotbalsneon', want ek de 3^e helt pakke wy as team mei. Ik fiel my tige wolkom by de feriening en ha it gefoel krigen dat ik der al echt by hear. Ik fiel my hjir thús.



Dan fynt SDS fansels prachtich om te hearen! Do bist hjir tige wolkom, ek takom seizoen wer. Wêrom makkest dit seizoen net ôf?

Myn seizoen sit der yn jannewarris alwer op, omdat ik yn febrewaris foar myn minor nei it bútenlân gear, foar in healjier nei Thailân en Bali. Ik sil yn jannewaris noch mei nei it OFK en de sealwedstriden meipakke.

Bist sels ek supporter fan it fuotbalklup?

Binnen de eredivisie net echt, mar as ik in fuotbalfrije sneon ha, mei ik graach by VV Nijlân sjen. Dêr spilet myn freon ek yn it 1^e. Fansels folgje ik it Nederlânsk frouljusfuotbal.



Dochst neist fuotbal noch oan oare sporten?

Simmers mei ik graach keatse, ik bin opslager yn de haadklasse by de froulju. Sa ha ik 2 jier lyn noch mei Jeska (Terpstra) op 'e PC stien. Dit jier ha ik gjin partoer, omdat ik nei myn minor noch reizigjen gear. 's Winters mei ik wol graach muorrekeatse.

Jildou, tige tank! In protte sukses mei dyn minor en wy hoopje dy takom seizoen wer te sjen! (TB)

In fruitmandsje bringe by Wierd Hofstra



Wierd Hofstra kaam ferline jier al oer út de JO19 om SDS 1 te fersterken en waard ek noch kampioen mei de JO19. Dit seizoen begie hy sterk, mar no stiet hy al in pear wiken oan de kant mei in blessure. Wat is der oan de hân?



Wêr hast lêst fan?

Ik heb last van een pees die over mijn linkerknie loopt. Deze is geïrriteerd geraakt omdat de spieren in mijn linkerbovenbeen vast zitten.

Hoe hast dat sa krigen?

Ik had er al langer last van, maar het is langzamerhand erger geworden. Het komt waarschijnlijk omdat ik in de afgelopen jaren te snel ben gegroeid. Mijn botten groeiden zeg maar te snel voor mijn spieren waardoor mijn spieren te stijf werden.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Het is dus langzamerhand naar boven gekomen, maar ik merkte het pas echt op een donderdagavond. Toen wou ik een lange bal geven en toen schoot het er echt in. Sindsdien schoot deze pijn er elke keer weer in als ik wou schieten of passen.

Hoe giet it mei dyn herstel?

Het gaat beter afgelopen tijd, ook al gaat het wel heel sloom. Een pees heeft lang nodig om te herstellen en dat merk ik nu helaas ook.

Giest ek nei de fysio en sa?

Ja, ik zit sinds 4 weken bij fysio 058 in Leeuwarden. Ook ben ik elke donderdag en zaterdag natuurlijk in Hennie's hokje te vinden.



Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

De fysio verwacht dat ik na de winterstop weer volledig fit ben. Ik hoop dat ik de oefenpot tegen Nijland kan halen. De eerste trainingen gaan denk ik nog moeilijk worden.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

De eerste paar wedstrijden toen ik geblesseerd was vond ik het eigenlijk wel prima, dit had ook te maken met de resultaten natuurlijk. Rottevalle, Heerenveense Boys en SWZ warden allemaal verslagen. Maar tegen SVM,

Frisia en Willemsoord, waar het duidelijk minder ging, begon het echt te kriebelen. Als het minder gaat met het team wil ik zo graag meedoen en dan baal ik echt als een stekker dat ik niet mee kan ballen

Moaië Sinterklaas hân trouens mei SDS 1?

Hahahaha ja machtig! Vooral de gedichten die iedereen moest voorlezen waren mooi. Je kan iemand helemaal afbranden en hij moet het nog zelf voorlezen ook. Ook Hennie (die er niet bij was) hebben we nog geprobeerd op te vrolijken door zijn hokje te versieren.

Wierd, in protte sukses mei dyn herstel! Wy hoopje dy snel wer op it fjild te sjen!
(WW)

Greidhoeke kombi-toernoaien

SDS organisearret tegearre mei de oare klups yn de Greidhoeke, vv Scharnegoutum, vv Nijland en vv Oosterlittens, twa nijsgjirrige toernoaien yn de winterstop:



Greidhoeke JO17 kombi-toernoai

7 x 7 Fjildtoernoai  Fifa 20 e-game 

Elts team levert 2 e-spilers

Freed 17 jannewaris, healwei sân
Skoalleseize Easterein



Grutte finale Fifa 20 yn de kantine nei de fjild-finale

Wa wint de kombi-kup?



Dj SDS Music

It toernoai foar de JO17 is op freed 17 jannewaris en foar de JO15 en JO14 op freed 24 jannewaris. Elkenien is wolkom!



Koart ferslach SDS-ledengearkomst 20 nov. 2019

- Der binne 25 oanwêzigen; it besjoer meirekkene.
- Mei de sponsering giet it goed. Igor Kalinowski en Johan Postma binne derby kommen yn de sponserkommisje en dogge de wedstriidsponers. Dit rint as in trein. Dêrneist binne der aardich wat nije sjurtsponers en boerd sponers
- De jongereinkommisje: Der binne wat soargen qua organisaasje. Kaderleden binne lestich te finen. Qua jeugdfuotbal giet it wol aardich. We hawwe noch twa iepensteande fakatures. Wesley, Lieuwe en Tjerk binne op dit momint mei syn trijen yn de Technyske kommisje by de jeugd. Om de wille der yn te hâlden moat hjir wat by.
- Ponghâlder Henk leit it finansjeel ferslach efkes út. De Gemeentesubsydsje ferfalt mei in pear jier. It kleanfûns wurd hieltiten heger ûndanks alle nije sjurts.
- Hoe is it mei de VTON-app? Hjir wurdt wol gebrûk fan makke troch trainers, mar hjir mist in sterkhâlder.
- Wesley mist in bytsje it doel fan de klub. Mar dat komt ek wer mei it oantal frywilligers wat je hawwe. Foar safolle jeugdteams is it net folle.
- Robert Schildkamp seach as lid fan de kaskommisje in kreaze boekhâlding 
- Oetze hat twa jier yn de kaskommisje sitten der moat wer in oar foar komme. Jort Strikwerda jout oan dit wol oernimme te wollen foar twa jier. Hjir binne wy tige wiis mei.
- Fêststellen kontribusje: Henk lit witte dat nei trije kear ferhege en op 'e nij in positive balans besletten is de kontribúsje net te ferheegjen
- Anneke Gaastra nimt ôfskie as skriuwster yn it bestjoer en wurdt tank sein. Spitich genôch is der noch gjin nije skriu(st)er fûn.
- Jaap Toering waard offisjeel oannaam as technysk direkteur
- Enne Johannes Bruinsma wurdt de nije skiedsrjochterkoördinator.
- De gearwurking tusken vv SDS en vv Nijland foldocht fan beide kanten prima. De yntinsje leit der om yn de takomst mear teams by elkoar te dwaan. Mooglik komt it it oare jier op de agenda. Dit sil dan ek dúdlik útlein wurde moatte oan de âlders. De bedoeling is dan om oant de JO11 by je eigen klup te fuotbaljen en fanôf de JO13 troch elkoar.
- De VTON wurd ek brûkt doch Nijlan, der krije we in fergoeding foar.
- Wedstriidtenue: Sjurtsjes mei koarte mouwen, dan graach in wyt shirt dêr ûnder. Der sil noch efkes goed nei de keepers sjoen wurde, want sommige keepe yn harren eigen sjurt.



- De wedstriidsjurts by de jeugd wurde wat minder lykas de broekjes neffens Grietje Bouma. Mochten der sjurtsjes min wêze of broekjes stikken of gjin toutsje hawwe lit dit dan oan Klaas de Haan witte. Dy soarget dat it oplost wurdt.
- De Skoallezeize jout oan dat der in ekstra unit kommen is foar de striker fan SDS. Dizze stiet efter de frouljusboksen.
- De Skoallezeize jout oan dat de lampen boppe it haadfjild noch wol gauris stikken geane. Tink der om net te snel de ljochten oan of út te dwaan! Der hinget in bryfke hoed de ljochten oan en út te dwaan. Hieltiten in pear sekonden wachtsje.
- De Skoallezeize: Smoke mei allinnich búten en dus net yn it haltsje. Kleuters hawwe dêr lêst fan.
- De Skoallezeize: Der binne no fleskes bier te krijen ynstee fan tapbier. Dit is makkelijker foar it barpersoneel. By spesjale gelegenheden is der mooglik wol tapbier.

Rûnfrach:

- Klaas de Haan jout oan dat der better optreden wurde moat tsjin de jeugd dy 't stikem op it keunstgêrs fuotballet of sels de ljochtmasten samar oanset. Sy binne by tiden brutaal en wolle net lústerje.
- Wesley Hoitinga jout oan dat mei de gearwurking mei vv Nijland alles ien wurdt en is it gefoel fan SDS dan net fuort? Op langere termyn moat SDS net undersnije. Tjerk van der Pol sjocht mear foardielen as nadielen. Je kinne elkoar júst fersterke.
- Lolke Bouma: Graach de boksen op slot. It ballenhok stiet faak iepen. De mannen fan SDS 1 sille dit oppikke.
- Willem: : It is de bedoeling om de frywilligers nochris in kear yn it sintsje te setten. Miskien wol in kear mei nei sc Heerenveen of sa.
- Anneke Gaastra seit tank foar de gesellige tiid yn it bestjoer.



As tank krige Anneke Gaastra noch in prachtich SDS-klompke.



**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

It ljocht op in nije sjurtsponser: Woonvaria



Colors@Home, Woonvaria fan Johan en Joke Delfsma hat SDS knap yn de klean setten mei sawol harren namme op it sjurt fan SDS 4 as prachtige frijetiidssjurts.

Woonvaria is de ynterieurspesjalist foar Wommels en de wiede omjouwing. Op it bedriuwenterrein yn Wommels hawwe sy in wenwinkel mei alles wat yn jo ynterieur past. Sy jouwe derby deskundich advys, goeie service, fergees thúsadvys en noch folle mear. Op de Lange Baan 10 kinne je ynformere litte en is der romme kar yn flieren, gerdinen, raamdekoraasje en sinneskermen. Kinne je net nei de winkel komme dan wolle sy ek graach by je thús komme foar fergees advys. Woonvaria monteard en ynstalleard pvc-flieren, laminaat, tapijt, vinyl, marmoleum, binnen- en bûtenzonwering en gerdinen. Johan kin by je thús komme om de goeie maten op te nimmen.

Joke en Johan binne altiten je oanprekpunt. Sa binne je wis fan persoanlijk kontakt, koarte linen, in snelle levering en snelle oplossingen! Romme keus, fakmanskap en goeie service, dat is Woonvaria, jo wenwinkel in Wommels.

Sjoch foar mear ynformaasje op **Woonvaria.nl**

Neist SDS stipet Woonvaria ek de KF fan Wommels en follybalferiening COVOS.



Hite nûtsjes

SDS 1 giet de winterstop yn as dield nûmer 5. Dat klinkt net sa gek of wol?

Seker net! Op foarhân tekenje der foar, mar de earste pankoeken binne foar de bern. De prizen wurde pas oan it ein fan it seizoen ferdiel.



It moaie fan fuotbaljen, mar ek bysûnder, is dat SDS 1 wûn hat fan toppers as Heerenveense Boys en Sneek Wit-Zwart en dat sy punten ferlern hawwe fan de ûnderste klups lykas Makkum en Oudehaske. Hoe kin soks no?

It is by SDS in bytsje lykas by sc Heerenveen. It 5^e plak is boppe ferwachting, mar dochs haw je it gefoel dat der mear yn sitten hie de earste seizoenshelte. Winne fan SWZ en Heerenveense Boys smakket nei mear en as je dan lykspylje tsjin SVM en Willemsoord dan falt it je suver ek noch tsjin. Oan de oare kant hat SDS miskien tsjin SWZ en de Boys krekt dat stikje gelok hân wat sy tsjin SVM en Willemsoord misten. Uteinlik komt elkenien út op it goeie plak.

“De earste pankoeken binne foar de bern”

Kin Ajax de Europa-League no winne?

Dat kin, mar dat kin ek net. We ha ek dit seizoen wer geweldich moaie wedstriiden fan Ajax sjoen, mar de lêste tiid is it al wat minder. Se komme yn’e breedte eins wat te koart. Foarrich seizoen siet Neres wolris op it bankje, no is dat Lang. Dat is al in ferskil. En sa is der noch wolris wat.



Soe sc Cambuur dan no dochs echt kampioen wurde?

Se stean der op dit stuit fantastysk op en it soe samar wer ris barre kinne. Der stiet in goed team, mei in pear utsjitters sa as Muhren en Jacobs, dy meitsje it ferskil. Oant no ta sit it net tsjin, benijd hoe as it giet as dat wat minder wurdt, al sil de technyske stêf der net fuort fan yn’e war reitsje.

Dat Liverpool giet ek mar as in trein of net?

Absolut! It rint as it spoar. It team is perfekt yn balans. Mei yn eltse linie geweldige fuotballers.

Mar ek yn Ingelân is it seizoen noch lang, wêrby’t bynammen dizze perioade rûnom Kryst en it nijjier wol wat fan de mannen freget.

Wat sei van Gaal dêr ek alwer oer yn syn tiid yn Ingelân?

Van Gaal wie der min oer te sprekken. Hy fûn dat hy dêrtroch roulere moast mei syn spilers en der waard net mear traird. Al dogge je miskien in soad spilers dêr ek noch wol in plezier mei... Wenger fûn dat Van Gaal net seure

moast en meigean moast yn de tradysje. Yn de jierren 50 waard der yn Ingelân sels noch op 1^e en 2^e Krystdei fuotballe.

Bisto ek fan fan de handbalfroulju?

Ik moat sizze dat ik it wol wat folge haw en der by tiden wol fan genietsje koe. Sy hawwe gjin tiid om op de skieds te seuren, want dan kin it wêze dat de bal alwer yn je eigen goal leit. De VAR wurdt sels besjoen as it spul gewoan trochgiet. De rigel wêrmei de Nederlandse froulju úteinlik wrâldkampioen waarden fûn ik ek wol bysûnder. By in oertreding yn de lêste 30 sekonden fan de wedstriid wêrby de tsjinstanner in doelkâns ûntnommen wurdt is in strafworp. Wêr as de oertreding ek makke is. Dat soe foar it sealfuotbal ek noch wolris wat wêze.

De tradisjonele sealfuotbaltoernoaien komme der wer oan, yn hoefiere giet dyn bloed dêr hurder fan streamen?

Rekkenje dêr mar op! Dat wie as lyts jonkje al sa. As wy dan rûn Kryst en âld en nij de KNVB-toernoaien hienen en de sealkompetysje mei de klups út Mid-Fryslân dan wie ik net te hâlden. Letter waarden dat de sealtoernoaien yn de sporthal yn Easterein en letter ús eigen sealploegje mei as hichtepunten fan it jier it Krystsealtoernoai fan Frjentsjer en it OFK.

Giet it sunder dy überhaupt wol troch?

Jawis wol, mar ik fiel my tige belutsen en hâld der net fan om dingen heal te dwaan. Fansels soe ik graach sjen dat wy mei mear minsken by SDS wienen om alles op te pakken, mar lju hawwe it blykber drok en lizze de prioriteiten wat oars. Ik soe graach it sealfuotbal yn Easterein wer mear op de kaart sette wolle, mar kom der troch rânesaken net oan ta. Dêrneist soe ik hiel graach in pannafjild yn Easterein en Wommels realisearje wolle, mar dat slagget my sa yn dizze funksje net. Ik haw heard dat wy daliks nei 30-oerige wurkwiken geane. Dan komme der fêst wat hannen frij..

Der is trouens noch in funksje as skriuwer frij yn it bestjoer. Is dat net wat foar dy?

Hast ek in funksje omskriuwing foar my? Dan kin ik my earst even ynlêze. Skriuwe is oars in alderaardichst putsje.

Mocht dat neat wurde dan mar meihelpe mei it 75 jubileum fan SDS yn 2022 tocht ik sa? Hoe liket dat?

SDS 75 jier! Bin benijd nei de ideeën. Moai dat de Treffers digitalisearre wurde, krektlyk as oare stikken ut de rike skiednis fan us klup.

Dan kinne se oer in jier as 75 ek noch neigenietsje mei de ferhalen fan no. Noflik mei in kâlde klets en wat hite nûtsjes!



It NNRD OFK begjin jannewaris yn Frjentsjer

It jierlikse Iepen Frysk Kampioenskip sealfuotbal, it OFK, sil begjin jannewaris wer losbarste yn sporthal de Trije yn Frjentsjer. Foar SDS dogge der twa teams mei. In manlju- en in frouljustrim. De poulewedstriden wurde spile fanôf 19.00 oere. De foarrondes foar SDS Vr.1 binne op moandei 6 jannewaris. De manlju hawwe harren foarronde op tongersdei 9 jannewaris.

SDS-froulju (poule D2) op moandei 6 jannewaris

SDS

Fc Wolvega

cvv Oranje Nassau

sc Stiens 1

Leeuwarder Zwaluwen

Exstudiantes

19.58 oere SDS – Exstudiantes

20.40 oere Stiens 1 – SDS

21.22 oere Leeuwarder Zwaluwen – SDS

22.04 oere SDS – Oranje Nassau

22.46 oere Wolvega - SDS

SDS (poule H14) op tongersdei 9 jannewaris

SDS

Workum seal 1

't Fean '58

sc Franeker 1

AS Exstudiantes

VCR

19.44 oere SDS – VCR

20.26 oere 't Fean '58 – SDS

21.08 oere SDS - Exstudiantes

21.50 oere sc Franeker 1 - SDS

22.32 oere Workum seal 1 – SDS



De finales binne op sneon 11 jannewaris.

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

SDS -Look-a-likes(26)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Jan Boskamp as Okke van der Kamp:



Eeltsje Sneijder as Wesley Postma:



Jaap Toering as Piter Wilkens:



SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

- SDS-tas: €33,-
- SDS-rugzak: €31,-
- SDS-trainingspak: €42,-
- SDS-trainingsbroek: €25,-
- SDS-trainingsbroek kort: €18,50
- SDS-sweater: €25,-
- SDS-midjack: €47,50
- SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50
- SDS-polo: €21,-
- SDS-hooded sweater €32,-
- SDS-hooded damesvest €32,-



Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde. Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei: **Douwe Dirk Reitsma (332500)**, want SDS hat wat SDS-klean op foarrie. Hjir kin efentueel ek past wurde.

SDS-sjaals

Der binne ek SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,- en binne sneons te krijen yn de bestjoerskeamer en by **Douwe-Dirk Reitsma**:
Tel: 332500
of mail nei douweenjetreitsma@hetnet.nl



Persoanlik

<p>Wy stelle jim graach foar oan:</p> <p>Evan de Jong</p> 	
Namme	Evan de Jong
Berne	3 juni 2009
Yn Wommels, Easterein as....	Wommels
Skoalle	It Funemint
By SDS sûnt	2014
Team	JO11-1
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Liverpool
Beste trainer	Auke Breeuwsma
Beste fuotballer yn Nederlân	El Idrissi
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Frenkie de Jong
Favorite fuotballer SDS	Habtamu de Hoop
Beste keeper	Sven de Haan
Favorite posysje	Middenvelder
Sterkste punt	Goede pass geven
Swakste punt	Keepen
Moaiste stadion	Johan-Crujff-ArenA
Idoal	Frenkie de Jong
Hichtepunt	Kampioen geworden

<i>Djiptepunt</i>	Op mijn enkels getrapt worden
<i>Moaiste goal</i>	Vanaf het middenveld
<i>Skoudertriuw as tackel?</i>	Schouderduw
<i>Boas om</i>	Scheids
<i>Flinters yn de búk fan</i>	Score
<i>Tillevysje</i>	NOS-sport
<i>Muzyk</i>	Lil'Kleine
<i>Lekkerste iten</i>	Patat
<i>Minst lekkere iten</i>	Spruitjes
<i>Bakje patat of broadsje sún?</i>	Bakje patat
<i>Drinken</i>	Cola
<i>Spulkompjoeter of bûten boartsje</i>	Buiten spelen
<i>Favorite game</i>	Fifa
<i>As ik skoar dan fier ik dat sa....</i>	Met mijn teamgenoten juichen
<i>Kampioen Earedivyzje 2019/2020</i>	Ajax
<i>Cambuur of SC Heerenveen?</i>	Heerenveen
<i>Moaiste sjurt</i>	SDS
<i>Lelijkste sjurt</i>	Cambuur
<i>Fuotbalskuon</i>	Adidas
<i>Rjochts of lofts?</i>	Rechts
<i>Gers of keunstgers?</i>	Kunstgras
<i>Sinteklaas of de krystman?</i>	Kerstman (maar die komt niet)
<i>At ik letter grut bin dan....</i>	Word ik politie of voetballer

In fruitmandsje bringe by Aiso Agricola

Aiso Agricola is ien fan de sterkhâlders fan de JO19-2, mar stiet de leste wiken sawol by it trainen as de wedstriden oan de kant. Wat is der oan de hân?

Wêr hast lêst fan?

Ik haw lêst fan myn ankel.

Hoe hast dat sa krigen?

Op de training mei in oefening. Ik soe draaie mei de bal oan de foet en hie myn foet dus skeef. Doe tikte ien de bal fuort en foel ik dus op myn skeve ankel op de grûn en klapte der mei myn gewicht op.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Ynderdaad! Ik fernaam it lyk, hearde it kreakjen en waard lyk beroerd.

Hoe giet it mei dyn herstel?

It herstel giet no knap. Ik kin hast alles wer dwaan.

Giest ek nei de fysio en sa?

Eltse tongersdei gean ik nei de fersoarger fan SDS, Hennie Roubos ta. Ek bin ik by de húsdokter west. Beide fertrouden it earst net en binne der foto's makke. Lokkich wie der neat stikken.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Nei de winterstop hoopje ik wer folop balje te kinnen.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

De gesellicheid mei myn maten op it fjild by de training en wedstriden. Elke kear as ik kom te sjen wol ik it leafst wer graach meidwaan.

**Aiso, in protte sukses mei dyn herstel!
Wy hoopje dy gua wer op it fjild te sjen!**

(WW)



Kees'Kollum; Horror, skimmel en leafde.

Miskyn wie myn byld net hielendall reëel omdat ik alle ôfleveringen fan horrorhuurders kin. Foar wa't it programma net kin: horrorhuurders giet oer huurders dy't der in bende fan meitsje en de ferhuurder mei grutte skulden efterlit. It fynt louter plak yn Ingelske bûtenwiken, mei rijen oan hûzen fol skimmelende fochtplakken. Ik haw it no sa faak sjoen, dat ik ek by series as The Queen en Downton Abbey elk momint in deurwaarder ferwachtsje.....



Op fisite bij Manchester-AZ waan ik my yn sa'n wyk as ik nei Old Trafford rin. De lucht fan âld frituerfet komt my temjitte tusken de rijen oan hûzen, krekt ûnder it havengebiet fan Manchester. Opiens doemt dêr it stadion op dat mei kop en skouders boppe de wyk útsteekt. Foar it stadion net ien, mar lyk meardere stânbylden fan de helden fan ea. Yn it stadion in

komplete tribune neamd nei Sir Alex Ferguson. Dy Ferguson haw ik nea sympatyk fûn, mar wat kin dat skele at je soks delsetten hawwe. In lytse 70.000 man komt opdagen foar in Europa League wedstriid tsjin AZ, dy't der eins net mear ta docht. Wat in klup!

“Dy Ferguson haw ik nea sympatyk fûn, mar wat kin dat skele at je soks delsetten hawwe”

De wedstriid giet tsien minuten lang ek nergens oer. Manchester skoart 4 kear, wylst ‘wy’ de earste helte noch tochten better te wêzen. Wy sitte mei syn allen yn ien fak, mar kennelijk ferskilt it perspektyf aardich. In rige foar ús fine AZ-fans dat je neat oan Idrissi en Stengs hawwe, wylst in rige dêrefter wy júst wol te spreken binne oer die twa. De driging, de technyk en dat op dy leeftiid! Yn de tram werom, sizze twa lange gesichten dat it in oefenwedstriid wie foar Manchester en it eins mar nergens op sloech. Wy neamme it in flattearde útslach. Fansels is AZ efen terjochte setten, mar hé! Wy binne yn Manchester en wy binne in ronde fierder.

De deis derop in rûnleiding op Anfield. Op ‘e nij falle wy yn ferbazing. Alles wat opgiet foar Manchester, giet hast nog mear op yn Liverpool. De konkurrinsje tusken die twa, is goed te begripen. Hast fereale op dy klup bale wy dat wy net nei in wedstriid gean, nei Virgil van Dijijijijijijijk... calm as you like.

Mei lichte heimwee kere wy werom nei wat no wol in degelijk Nederland liket, mei in degelijke fankultuur. AZ-Ajax stiet op it affysje yn it AFAS-stadion, back to the nuchtere Kaaskoppen. Is it glês dan dochs heal leech? Ferrek! AZ knokt en wint ek noch. Dy koach Slot, dat wurdt in topper. En de sfeer? Die sit der goed yn. Sels it stadion wurket mei: it dak leit derôf en it stadion is fochtich en klam. De earste skimmelpakken binne te sjen. Mei in bytsje fantasij sitte we yn in oflevering fan Horrorhuurders en is dit Boxing Day.

(KA)



Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier. Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!


Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN



Net op it keunstgers!

It is net de bedoeling om bûten trainingstiden op it keunstgêrsfjild te kommen. It keunstgersfjild slyt al hurder dan de bedoeling is en wy wolle foarkomme dat wy earder oan in nije keunstgersmatte ta binne dan foarsjoen. Neist ien fan de twa penaltystippen is al in gat ûntstien troch it fielfuldich gebrûk meitsjen fan de penaltystip. Efter de sporthal mei der fûleindich gebrûk makke wurde fan it trainingsfjild om te fuotbaljen. Yn Wommels binne de goals wer fersjoen fan nije netten en kin de mar om raak fuotballe wurde.



Aldjierssealbaljen yn de sporthal

Aldjiersdei is der neffens tradysje wer âldjierssealfuotbaljen yn de sporthal yn Easterein. It begjint om 14.00 oere en duorret oant 15.30 oere. Graach 15 min. fan te foaren oanwêzich wêze om de ploegen yn te dielen. Elkenien is fan herte wolkom om op dizze wize it âldjier út te fuotbaljen. Op dizze lêste dei fan it jier stiet Sietske Okkema fan SDS Vr.1 al wer foar it 11^e jier op rige efter de bar om elkenien fan in hapke en in snapke te foarsjen. It wurdt fêst in noflike middei.



Habtamu's sjoch



SDS 1 soarge oan it ein fan 2019 foar in oantal grutte ferassings. Sa waarden titelkandidaten SWZ en Heerenveense Boys oan'e kant set en seach it der nei út dat SDS dit jier ek wolris meidwaan kin om de prizen, mar no is it wol in "massive oof" dat der net wûn waard tsjin respectievelijk SVM en Willemsoord.

Dochs is de seleksje bliid mei harren 6^e plak en de 20 punten. Ek kinne we sjen dat de nije jongerein Luuk, Steven en Peter in oanwinst binne foar it earste, wy ferwachtsje dat yn 2020 Stan Korbach de folgende wurd!

SDS – Rottevalle: 5-0

SDS - VV SWZ: 2-1

Heerenveense Boys – SDS: 0-1

SDS – SVM: 0-0

LAC Frisia – SDS: 4-0

Willemsoord – SDS: 1-1

It Sinterklazen wie dit jier ek wer in grut sukses: Wierd kaam thús as swarte piet, Remco Hylkema soarge jûns let nog foar de 11^e keer en Hennie syn hok wie prachtig fersierd. Jacob hat syn iten nachts wer by it Dielhus foar de doar lein, Steven en Lourens brochten tegearre in nummer út, Tjerk hat it thús nog in oantal kearen ofspile.

Goeie foarnimmens fan de seleksje

Douwe: it stjoeren fan in iepen sollisitaasje nei Toon Gerbrands

Bauke: Jelte Pieter in waarm welkom jaan yn SDS 1

Frank: syn ear werom freegje by in spiler fan SVM

Hendrik: kin ik dan no ris mei pensioen?

Jaap: nei de sportskoalle yn'e winterstop, foar de úttraap

Jacob: goed op de bern passe tidens de ski-fakansje

Luuk: in besykje oan de kapper bringe

Matthijs: wurkje oan syn ôfronding

Peter: it behâlden fan syn kop op syn romp

Pieter: enersjyferdieling oer de earste en twadde helte fan'e wedstriid

Steven/Lourens/Hendrik/Habtamu: goals meitsje.....



De seleksje fan it 1^e sjocht jim ek yn 2020 wer graach lâns de kant stean en winsket jimme allegear in doelpuntryk en lokkich nijjier!

Sinteklaas

Bêste Jaap!

Do tochtest dit jier ûnder it Sinteklazegedicht út te kommen,
troch 5 desimber thús wat mear tiid yn te romjen.

Piet fûn it mar wat raars,

hy moast net nei de kantine, mar nei it Perk yn Wommels fan Sinterklaas.

Foar Brend hie de Sint o sa'n moai kado útsocht,
neffens Piet hasto de Sint omkocht.

'Sascha dy jonge moat nedich in Playstation ha,
oars wurdt hy daliks miskien wol klierd en sa'.

Sint gie hjir blykber lyk yn mei,

en kocht in Playstation noch deselde dei.

Tongersdeitejûn seach hy Brend wol bliid rûnspringen fan de keamer oant de
souder,

ynderdaad mei Jaap op syn skouder!

Beide hielendal troch it lint,

mei de Playstation fan de Sint.

By SDS is it eins net oars,

as keeper en nije Technysk Direkteur is der net gau wat loos.

Troch de talinten wat om dy hinne te sammeljen,

is der net makkelijk oan dyn efterhoede te rammeljen.

Fan sterallures bisto noch altiten wars,

al fergeliket elkenien dy mei Marc Overmars.

Do fynst it best, doch dy dan mar,

de foarsitter kin foar gjin meter keepe, mar dan is dat Van der Sar.

Marc Overmars stiet der altiten wol kreas op,

dus dêr moat foar SDS dan noch wol wat boppe-op.

It SDS-bestjoer gie hjir hielendal yn mei,

en frege lyk Sinteklaas om hjir efternei.

In kreas pak mei TD der op soe dy wol stean,

mar dan moat de foarsitter ek yn kreaze klean.

De foarsitter is hjir noch net oan ta dat witsto wol,

makket neat, mar wat komt der dan al?

'As syn frou dan ris op Brend en Siem past dan fyn ik it best,

dan joust my om my mar in ûnnnoazel breiden fest'.

Dat oppassen sil gjin problemen jaan,

mar Sint koe dochs noch wat passends foar dy dwaan.

Miskien dat dyn fuotbalkwaliteiten hjirmei noch ferbetterje sille,

troch drûch te bliuwen hast yn elts gefal mear wille!

Groetnis, Sint



*Jaap Toering krige fan Sinteklaas in reinjaske om tidens de warming-up fan
SDS 1 yn te keepen.*

Plakboeken

It is miskien net mear fan dizze tiid, mar wat binne wij bliid dat der yn it ferline minsken wiene dy't plakboeken bijholden. It stimd ús hielendal tefreden at dy minsken SDS-ers binne dy't harren eigen sportive fuotbal karriere yn byld hawwe mei ynplakte kranteknipsels.



Sa hiene wij de plakboeken fan Klaas Okkema, Jan de Boer en Hendrik de Jong alris ûnder eagen. Wij kriegen stikjes en foto's fan Gelf Eringa en Jan de Jong.

Dizze winter is it wer rekke en hoe. Jan Hiemstra neust de plakboeken fan âld foarsitter en earste alvetal spiler Marten de Boer troch en rûnen wij mei Pyt de Jong syn keats/fuotbalplakboek troch.

De bulk kaam fan Wouter Hylkema. Mar leafst 7 boeken hat hij folplakt mei kranteknipsels út de tiid dat hij aktyf wie bij SDS. Wouter sammele net allinne de stikjes wêryn hij in haadroil spile, nee hij hat gewoan it hiele kompetysjeferrin fan 1976 oant 1990 mei alle stikjes út Ljouwerter

kranten en Fryske deiblêden (met eigen ogen).

Wat dogge wij mei dy boeken? Yn it earste plak skanne wij alle stikjes en dy krije per seizoenjier in plakje op ús wepside. Twad registreare wij de doelpuntenmakers en fulle dy noch yn op dy geweldige wepside fan Voetbal Nederland. Sa krije wij de echte list fan topskoarder fan alle tiden. De útslaggen en einstanden fanôf 1964 steane der ûnderwilens op. Yn it tredde plak meitsje wij mei help fan al dy ynformaasje in goed oersicht fan de bekerwedstriden fan SDS 1.

Jim sille begripe dat dit in aardige klus is dy't net op twa reinige dagen klear is. Wij grieme de hiele winter wat troch.

Jim kinne de jierren 70 yn alle gefallen al besjen. Sjoch op de wepside yn dit menu.

Binne der noch minsken dy't op iens betinke dat se miskien ek noch wol in plakboek lizzen ha mei wat kranteknipsels oer SDS, lit it mij dan witte. Miskien krije wij wol in lange winter.....

Aant



Ut in âld plakboek




It kampioensteam fan 1964: steand: Jan Strikwerda, Gelf Eringa, Jan Hiemstra, Durk Ypma, Siebren Feenstra. Op hurken: Marten de Boer, Hepke Hiemstra, Geert Hiemstra, Chris de Bruin, Gerrit Okkinga en Sjoerd Jongema.




It kampioensteam fan 1980: Steand: Siep, Wouter, Hylke, Roel, Gerard, Klaas, Ynze, Roel, Ids, Klaas. Op hurken: Rintje, Jan, Piet, Roelof, Jelle, Lolke en Hendrik.

Doelpuntenmakers



Der binne 186 doelpunten oant no ta skoard troch de 6 seniore-teams. De boppesteande spilers/spylsters (4 doelpunten of mear) sizze alle teamgenoaten tank dat sij der meielkoar foar soargen dat der skoard wurde koe. Der binne noch mear doelpuntenmakers. Dy kinne jim fine op de wepside.

Fan de 186 doelpunten binne der mar leafst 56 makke troch de froulju fan SDS. Dat is 30 %. De bijdrage fan SDS 2 is it leechst mei 7 %.



Aginda

Wannear?	Wat ?
26-des.	Foarrondes en finales Krystsealtoernoai Frjentsjer
31-des.	Âldjiersdeisealfuotbalje yn de sporthal
4-jan.	SDS-nijjerssit mei DJ Baggel
2-10-jan.	Foarrondes OFK yn Frjentsjer
6-jan.	Foarrondes OFK yn Frjentsjer foar SDS Vr.1
9-jan.	Foarrondes OFK yn Frjentsjer foar SDS 1
11-jan.	Finales OFK yn Frjentsjer
14-jan.	Oefenwedstriid: SDS 1 – Nijland 1
18-jan.	Oefenwedstriid: SDS 1 – Wykels/Hallum 1
18-jan.	Smûk yn Kafé Bergsma
25-jan.	DWP 1 - SDS 1
1-feb.	SDS 1 – Oeverzwaluwen 1
8-feb.	Workum 1 – SDS 1
15-feb.	SDS 1 – Heeg 1
22-feb.	Beker/ynhel
29-feb.	Beker/ynhel
7-maart	Makkum 1 - SDS 1
14-maart	SDS 1 – Tonego 1

**De Trefferredaksje winsket
jim noflike
krystdagen
en in goed
en sûn
2020!!**

